

## **Afûk - in moderne netwurkorganisaasje**

De Afûk is ien fan de organisaasjes yn Fryslân dy't yn opdracht fan de provinsje útfiering jout oan it provinsjaal taalbelied.

De Afûk is in moderne netwurkorganisaasje. In fleksibele, dynamyske organisaasje dy't wurket mei programma's en projekten en bestiet út in lytse fêste kearn fan professionals (30 fte) en in fleksibele eksterne skyl foar spesjalistyske ekspertize.

Yn it ramt fan de 'cultural governance' hat de Afûk keazen foar in governance struktuer. Dêrby is sprake fan in romme en romhertige delegaasje fan foech oan de direksje, mar it bestjoer is einferantwurdlik.

It is goed om bylden en útgongspunten fan de netwurkorganisaasje mei-inoar te dielen en mei syn allen te ûnderskriuwen. De netwurkorganisaasje freget ommers om spesifyk liiderskip, fan belang by it werven en de seleksje fan in nije direkteur; de útgongspunten fan de netwurkorganisaasje foarmje de basis foar it profyl fan de nije direkteur.

It giet oer útgongspunten en ferwachtingen dy't op alle spilers binnen de organisaasje fan tapassing binne.

### ***De netwurkorganisaasje: in organisaasje mei it fermogen om te feroarjen***

De maatskippij feroaret fluch en it takepakket fan de organisaasje is altyd yn beweging. It iennige dêr't wy wis fan binne is dat wy altyd sa troch feroarje. Dat freget om in organisaasje dy't him fluch en goed oanpasse kin, in organisaasje dy't mei feroaringen omgean kin, dy't fluch oplossingen fynt foar nije en komplekse problemen.

### ***De netwurkorganisaasje: in organisaasje mei in heldere koers foar klanten en relaasjes***

Wy (w)erkenne it mienskiplik belang dat werombrocht wurde kin ta kwaliteit foar de klanten en relaasjes. De organisaasje stekt enerzjy yn it bepalen en kommunisearjen fan in dúdlike haadline, de misje en fyzje, sadat dêrbinnen mienskiplik wurke wurde kin. De rjochting is dúdlik, wy witte wat wichtich is, wy hawwe ramten dêr't wy ús wurk binnen dwaan kinne. Dy rjochting wurdt fertaald yn heldere ôfspraken en dúdlike resultaten. Saaklik mei in grutte eigen ynbring.

### ***De netwurkorganisaasje: romte foar de meiwurkers en teams***

Der is in soad romte om op eigen wize it wurk yn te foljen. De resultaten binne fan belang. Der is dan ek in soad foarmfrijheid by it hoe. Dêr kinne kollega's mei-inoar betinke hoe't it wurk organisearre wurde moat om sa foar ferbetterympulzen te soargjen. Dêrby sjogge wy fan bûten nei binnen en belûke dêr ek leafst bûten by, sadat de oplossing/it produkt op maat is foar dyjinge dêr't it foar bedoeld is.

### ***De netwurkorganisaasje: gearwurking út ynhâld wei***

Wy hawwe inoar nedich, mei-inoar kinne wy foar bettere oplossingen soargje, 1+1=3. De opdracht dy't foar leit, bepaalt oft der gearwurke wurdt, hoe't der gearwurke wurdt en mei wa. Dat kin op alle nivo's en oer ôfdielings-/teamgrinzen hinne. En ek oer de organisaasjegrins hinne. Wy sjogge wikseljende gearstallingen en lizze ferbiningen dêr't dat nedich is. En as it ienfâldich kin, dan dogge wy dat ek. De ynrjochting fan de organisaasje stiet gearwurkjen net yn 'e wei mar soarget al foar in thûsbasis foar de meiwurkers. Utgongspunt is in platte, dynamyske organisaasje mei koarte linen en oerlis wannear't it nedich is. In struktuer dy't net hillich is en dy't maklik oanpast wurde kin as dat helpt.

***De netwurkorganisaasje: yn ferbining mei inoar***

Wy kinne net gearwurkje as we inoar net kenne. As we binnen de organisaasje inoar goed kenne, profitearret ek de klant/de relaasje dêrfan. Ken de kollega's, wit wat hja kinne en wat der spilet, sadat je inoar maksimaal benutte kinne. As organisaasje moatte wy derfoar soargje om dit op in tûke wize yn byld te bringen. It giet om relaasjes binnen mar ek sûnder mis bûten de organisaasje. Ynvestearje yn it netwurk. Sykje inoar op, betink dêrby wannear't hokker kommunikaasjekanaal brûkt wurde moat, wês tagonklik, diel ynformaasje, haw each foar de oar en tink mei-inoar mei.

***De netwurkorganisaasje: fertrouwen, ferantwurdlikheid en oansprekken***

Romte jaan en loslitte; dat kin inkeld as wy út fertrouwen yn inoar ferantwurdlikheid jouwe en nimme kinne. Dêrby heart dat wy inoar feedback jouwe (nimme en krije), inoar helpe en stimulearje en inoar oansprekke. Mei ús allen binne wy de organisaasje.

***De netwurkorganisaasje: persoanlik liederskip***

In netwurkorganisaasje freget om selsstannich funksjonearjende meiwurkers. Dy't ferantwurdlikheid nimme foar harren eigen wurk en harren eigen ûntwikkeling en brede ynsetberens. Dy't ek omgean kinne mei ûnwissichheden dy't ynherint binne oan in him oanpassende organisaasje. De liedingjaande ûnderstipet om de krêft en it rykdom oan ideeën fan de meiwurkers safolle mooglik te brûken en te stimulearjen. De meiwurker is de spin yn it web.

***De netwurkorganisaasje: kennis diele***

Der is in hiel soad kennis by de meiwurkers oanwêzich. Troch aktyf ynformaasje en kennis te heljen en te bringen kinne wy dat grutte potinsjeel benutte. Wy hoege net hieltyd op 'e nij it tsjil út te finen as wy inoar fertelle wat wy dogge. En ek de bûtenwrâld. Wy kinne sels ek bûten ús organisaasje in soad kennis garje. Troch sels de mienskip yn te gean mar ek troch te soargjen dat wy oanheakje op de hieltyd gruttere stream ynformaasje dy't beskikber is troch social media en it ynternet. In adekwaat brûken fan ICT soarget derfoar dat we dêr ienfâldich op oanheakje kinne. It dielen fan kennis betsjut: optimaal brûken fan automatisearing en apparatuer (ICT), stipe troch oplieding en coaching én in aktive hâlding fan de meiwurker wat dat oanbelanget.

***De netwurkorganisaasje: fleksibiliteit***

In kearnbegryp yn de netwurkorganisaasje is fleksibiliteit. Yn taken en rollen dy't minsken ferfolje, yn de wize wêrop't der wurke wurdt (hieltyd mear tiid- en plakûnôfhinklik), yn de ferbannen dêr't yn gearwurke wurdt. Der wurdt hieltyd minder op rûutine en mear op mobiliteit en dynamyk wurke.

Ljouwert, septimber 2017